



Snein 7 februaris 2021, 11.00 uur

Foargonger: Ds. Tije T. Osinga, Frenstjer

Oargelist: Klaas van Marrum

Lêzer: Sippie Reitsma:

Deklamaasje: Henk Bijma

Wolkom

TARIEDING

Oanfangpsalm: 84: 1 *'Hoe leaflik is jo hûs, o Hear'*

1. Hoe leaflik is jo hûs, o Hear,
de wenning dêr't jo namme klear
ta klinken komt foar alle minsken.
Noait giet de langstme by my wei,
dat ik dêr komme_en sjonge mei.
Wat soe my boppe dream en winsken
noch leaver wêze_as dêr te stean,
om ta jo libben yn te gean?

Bemoediging, drompelbea en groetenis

Us help, ús hope en ús ferwachting
is yn de namme fan de Hear,
dy't de Skepper is fan himel en fan ierde,
Hy bliuwt ús trou, hjoed en moarn,
ja, alle dagen fan ús libben.
Hy hâldt ús fêst, Hy lit ús nea net los.

Midden yn it libben steane en geane wy,
mei al ús lok en bliidskip.
Mar betiden ek mei grut fertriet en lijen,
omdat we troffen binne troch sykte en guon sels troch de dea.
Dêrom God komme wy yn ús gebed no ta Jo,
Om Jo te bidden: Hear, skink ús Jo Wurd,
sa dat wy dit libben wer libje kinne,
Ja God, miskien sels wol wer fiere kinne.

Genede mei jimme wêze en frede fan God, de Heit,
en fan Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

Sjonge: Psalm 84: 2 *'Hoe leaflik is jo hûs, o Hear'*

2. It heil dat oer jo wente leit
jout alle libben feilichheid,
de fûgels fine dêr har nêsten.
de swellen fleane út en yn,

de mosken wenje boppe 't bynt,
hja hawwe_in honk om út te rêsten.
Ik haw in honk yn Gods paleis:
o, dêr te sjongen nachts en deis.

Kyriegebed oanslútend sjonge as

Glorialiet: Liet 315: 1 en 2 *'Wy tankje Jo, o God en Heare'*

1. Wy tankje Jo, o God en Heare,
dy't wenje_yn ûntagonklik ljocht,
dat Jo yn 't wurd Jo ta ús keare,
jo leafde hat ús altyd socht.
No sil in nije moarntiid rize,
sa bliuwt jo treast ús noait ûntsein.
En wat ferburgen bleau foar wizen
ha Jo foar berntsjes iepenlein.

2. In sûnder, ja de djipst ferlerne,
dy't fier fan Jo ferdoarme is,
wurdt troch jo Geast opnij wer berne
by 't hearren fan jo tsjûgenis.
Jo wurd, yn tûzen talen sprutsen,
hat út 'e dea ús libben brocht;
no is al wat ús bûn ferbrutsen
en stean wy frij yn 't blide ljocht.

TSJINST FAN IT WURD

Gebed bij de iepening fan de Skriften

Lêze út de Skriften (1): 2 Keningen 4: 14-21

Doe sei er: Wat kinne wy dan foar har dwaan? Gechazy sei: It is begrutlik, dat se gjin soan hat en har man is al âld. Dêrop sei er: Rop har. Hy rôp har dus en sy stie yn 'e doar. Hy sei: Takomme jier om dizze tiid sille jo in soan yn 'e earmen hâlde. Hja sei: O nee, mynhear de godsman, meitsje jo tsjinstfaam neat wiis. Mar de frou waard swier en krige it oare jier in bern op 'e selde tiid as Eliza har sein hie.

Doe't de jonge al wat grutter waard en hy ris mei syn heit it fjild yn wie by de sichters, rôp er tsjin syn heit: Myn holle, myn holle! Dy sei tsjin in feint: Bring him nei syn mem. Dy droech him en kaam mei him by syn mem en nei't er oan 'e middei ta by har op 'e skurte sitten hie, stoar er. Hja gong nei boppen en lei him del op it bêd fan 'e godsman. Doe die se de doar achter him ticht en gong nei bûten.

Sjonge: Liet 350: 1, 2 en 3 *'It wetter fan 'e grutte floed'*

1. It wetter fan 'e grutte floed
en fan 'e see sa read as bloed,
dat is de ierdske memmelea,
dat is de djipste fan 'e dea.

2 It wetter makket ús net rein,
wy fine yn dit grêf ús ein,
as net de do ús hjir op ierd'
de frede bringt fan withoefier.

3. Wy sille grif te'n ûnder gean,
as God ús net by namme neamt.
Mar, tank oan God, Hy wol ús jaan
in paad dwers troch de deadsjordan

Lêze út de Skriften (2): Markus 1: 29-39

Sa gau't se út 'e synagoge kamen, gongen se by Simon en Andréas yn 'e hûs. Jakobus en Johannes wienen der ek by. Simon syn skoanmem lei mei de koarts op bêd en fuort begûnen se der tsjin Him oer. Hy gong derhinne, krige har by de hân beet en holp har oerein. De koarts gong har ôf en se betsjinne harren. De jûns, doe't de sinne ûndergong, brochten de minsken alle siken en besetenen by Him. De hiele stêd klofte om 'e doar gear. Gâns lju mei alderhanne kwalen makke Er better en ytlike duvels bande Er út, mar Hy liet har net oan 't wurd, omdat se wisten wa't Hy wie. Yn 'e iere moarn – it wie noch aardich tsjuster – kaam Er fan 't bêd en gong nei bûten; Hy socht in stil plak op en bidde dêr. Simon en syn maten sochten om Him. Doe't se Him fûnen, seinen se: Elkenien siket om Jo. Mar Hy sei tsjin harren: Lit ús earne oars hinnegean, nei de doarpen hjir tichteby; dan ferkundigje Ik dêr myn boadskip ek. Mei dat doel wie Ik der ommers op útgien. En Hy preke yn har synagogen, hiele Galiléa troch, en bande de duvels út.

Sjonge: Liet 647 *'Foar minsken dy't namleas'*

1. Foar minsken dy't namleas,
kwetsber en warleas
troch it libben gean,
ûntspringt hjir in boarne,
klinkt wer har namme:
nij wurde wy neamd.

2. Foar minsken dy't roppend,
sykjend en klopjend
troch it libben gean,
ferskynt hjir in stimme,
brea om te nimmen:
wy kinne bestean.

3. Foar minsken dy't hifkjend,
wachtsjend en wifkjend
troch it libben gean,
wjerklinke hjir wurden,
treastfolle wurden:
God wol ús ferstean.

4. Foar minsken dy't hoopjend,
amper noch leauwend
troch it libben gean,
werskept God de Heare
Adam mei eare:
wy binn' nei him neamd.

Ferkundiging

Sjonge: *'Want wy leauwe yn in Heit'* (meldij: *'Vreugde, vreugde, louter vreugde'*)

1. Want wy leauwe yn in Heit
dy't eartiids alles makke hat.
Wolken, blommen, bisten, minsken,
neat fergetten, elk syn plak.

Refrein:

Al wat libbet, sil it leauwe
elkenien dy't giet nei Him
om syn namme heech te priizjen
yn it nij Jeruzalem.

2. En wy leauwe yn de Soan
dy 't berne waard yn Bethlehem
stoarn oan 't krús, begroeven, opstien
en men heart dan wer syn stim.
Refrein: ...

3. En wy leauwe yn de Geast
dy't kommen is op 't Pinksterfeest
dy wol wenje yn ús herten
hjoed en moarn, ús libben lang.
Refrein:

TSJINST FAN DE GEBEDEN

Gebeden

ôfsletten mei it bidden fan it 'ús Heit'Us Heit yn 'e himel,

lit jo namme hillige wurde,
lit jo Keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden

sa't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe
en lit ús net yn fersiking komme
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it Keninkryk
en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid.

Amen

Kollekten binne dizze snein foar: 1. Wrâlddiakonaat: Oerstreaming yn Bangladesj
2. Pastoraat 3. Pastoraat foar de âlderein

jimme kinne meidwaen fia www.pgdrachten.nl
tige oanrekommandearre

Sjonge as tarieding op de segen: Liet 425 'Wy gean mei Jo segen'

Wy gean mei jo segen
bliermoedich ús wegen,
jo wurd fan omhegen joech ús nije moed.
Hy dy't ús behâld is,
it ljocht fan de wrâld is,
wol waarmje wat kâld is mei syn leafdegloed.
Wat Kristus ús learde
is sied ta bekearing,
wy siedzje_it op ierde en wachtsje_op wat komt.
En ûnder de hoede
fan Him dy't ús stjoerde
sill' leafde en goedens aanst dije rûnom.

Seine

Oer de lieten in dizze tsjinst:

Psalm 84, *Oersetter Gerben Brouwer*

*Liet 315, tekst Fedde Schurer – ‘Heb dank, o God van alle leven’
oersetting Bernard Smilde, meldij Johannes Gijsbertus Bastiaans –
‘Straks groeten w’ onze moederstranden’*

Liet 350

*tekst Willem Barnard – ‘Het water van de grote vloed’ (Van de doop)
oersetting Cor Waringa, meldij Wittenberg 1533 – ‘Komm, Gott Schöpfer, Heiliger Geist’*

Liet 647

*tekst Henk Jongerius – ‘Voor mensen die naamloos’
oersetting Eppie Dam, meldij Jan Raas*

SoW 158b

*‘Want wy leauwe yn in Heit’ meldij: Vreugde, vreugde, Louter vreugde
Dichter unbekind, Componist: Ludwig von Beethoven*

Liet 425

*tekst Rikkert Zuiderveld, neffens Omer Westendorf – ‘Sent forth by God’s blessing’
oersetting Cor Waringa, meldij folkswize út Wales – The Ashgrove*

kommende 11-oeretsjinsten yn de Grutte Tsjerke binne:

14 febrewaris	Ds. Hans Bouma m.m.v. Rein Albert Ferwerda
21 febrewaris	Ds. Jelle van Slooten, Zuidloren
28 febrewaris	Ds. Jaap Goorhuis

De kommende Fryske tsjinst yn de Grutte Tsjerke is:

4 april 11.00 oere Ds. Liuwe Westra, Peaske